

97. Skûtsjesilen Bounty Hunters ft. Johannes Rypma

As it simmer is, dan haw ik noait gjin rêst,
Tot it seil fan it skûtsje heech wappert yn 'e mêst.
Troch it syl'n krij ik in goed gefoel.
De bemanning stiet op skerp en wy hawwe mar ien doel

Mar oan board dêr binn'wy allegear ien
Want as ien fersaakt dan krije wy niks dien.
De skipper is de master fan it skip
Mar sûnder de bemanning wurdt it hielendal neat

Skûtsje HEY sile HEY eltse dei opnij
Oerdei op it skip en jûns dan binn'wy frij
Skûtsje HEY sile HEY by sinneskyn of rein
Echte Friezen wurde nea ferslein!

Lûk it seil net boppe de mêst
Dat is ús bekend dêrom wurde wy net lêst
Oer de weagen fan de marren giet it hurd
It skûtsje slacht hast om troch ús machtich swurd

En nei de wedstriid is it oeral feest
Bier út 'e taap en sûpe as in beest
Argewaasje troch protesten fan in oar
Mar moarn dan winne wy dan lizze wy wer foar.

Skûtsje HEY sile HEY eltse dei opnij
Oerdei op it skip en jûns dan binn'wy frij
Skûtsje HEY sile HEY by sinneskyn of rein
Echte Friezen wurde nea ferslein!

Skûtsjетиid, oerdei foar de ear en jûns foar de sfeer
Skûtsjестриid, wy gean der wer foar en wy roppe kear op kear:

Skûtsjesile - eltse dei opnij
Oerdei op it skip - en jûns dan binn'wy frij
Skûtsjesile - by sinneskyn of rein
Echte Friezen wurde nea ferslein!

Skûtsjesile is myn nocht!

Drumsolo

Skûtsje HEY sile HEY eltse dei opnij
Oerdei op it skip en jûns dan binn'wy frij
Skûtsje HEY sile HEY by sinneskyn of rein
Echte Friezen wurde nea ferslein!

Skûtsjesile is myn nocht!